

Van: "[REDACTED]"
Verzonden: woensdag 12 februari 2025 12:27
Aan: "Folkerts, Eke" <[REDACTED]@fryslan.frl>; "[REDACTED]" <[REDACTED]@fryslan.frl>
Onderwerp: RE: Ferkearsbuorden

Hoi Eke,

Kloppet! Ik ha krekt foar [REDACTED] syn ferlof hjir noch mei 'm oer belle. Ik ha by de gemeentlike amtners in útfraach dien oer hoefolle buorden sy op harren diken stean ha, mar it keallet amtlik noch al swier om dy gegevens op te freegjen. In bestjoerlik oerlis soe dan al helpe om dy gegevens boppe wetter te krijen. Dêrneist soe it goed wêze om nochris yn petear te gean mei de gemeenten dy't der net negatyf foar oer steane, mar noch net hielendal om wienen (Ljouwert bygelyks).

It soe ek moai wêze dat we yn it BO Mei-Inoar foar it Frysk wier nei de beslútfoarming tawurkje kinne. Ik sit no ek efkes strategysk nei te tinken oer wat handich wêze soe. Sawisa noch petearen fiere mei de gemeenten dy't noch in bytsje neutraal wienen, Eatstsellingwerf is miskien ek in goed idee en faaks Waadhoeke ek (amtlik is der al frege nei de rol dy't de streektalen spylje kinne soenen).

Ik ha ek fan guon gemeenten heard dat dêr de wethâlders Frysk it petear oangean wolle soenen mei de wethâlder ferkear (Súdwest bygelyks). Faaks is dat ek in goed idee om't it dan net yn it OVVF yn april foar it earst bepraat wurdt mei de wethâlders ferkear, mar earst tegearre mei de wethâlders Frysk. Dat soe faaks wat argewaasje yn it OVVF foarkomme kinne.

It doel fan de petearen wie ek benammen om minsken oanheakke te hâlden. We ha no momentum.

[REDACTED], do meist my ek altyd efkes belje om hjiroer te sparren.

Mei freonlike groetnis,

[REDACTED]

[REDACTED]

Taal en Leefberens

06 [REDACTED]
[REDACTED]@fryslan.frl

Wurkdagen: [REDACTED]



Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
fryslan.frl



Van: Folkerts, Eke <[REDACTED]@fryslan.frl>
Verzonden: woensdag 12 februari 2025 12:17
Aan: [REDACTED] <[REDACTED]@fryslan.frl>; [REDACTED] <[REDACTED]@fryslan.frl>
Onderwerp: Ferkearsbuorden

Hoi [REDACTED]

freege my hoe wy it no bedoeld hieden mei de ferkearsbuorden (ferfolch mei de gemeentes) hoe ha we dat ek alwer betocht? hat doe mei tikt mei dde petearen en hat in oersicht fan de gemeenten die reewillich binne om it mei om te setten. Derneist hiedesto ynfo oer hoefolle buorden ot it betreft per gemeente (en dus wat de kosten binne)

Ik soe yn'e fekansje wol wat petearen planne kinne mar dat kin fansels ek gewoan plenair yn'e gearkomste fan 5 maart. Mar goed, ik wit dus net krekt meer hoe we dat betocht hawwe:) kisto my út'e brân helpe?

Groetnis,

Eke Folkerts
Deputearre provinsje Fryslân

Verzonden vanuit [Outlook voor iOS](#)

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen